

Begrutting 2024 yn ien eachopslach

Mei-inoar ynvestearje is nedich om Fryslân fierder te helpen. Yn 'e begrutting steane de útjeften en ynkomsten dy't de provinsje foar 2024 ferwachtet. Sadree't Provinsjale Steaten yn novimber 2023 de begrutting fêststelle, kinne Deputearre Steaten yn 2024 de útjeften dwaan dy't nedich binne om de doelen en resultaten fan it provinsjale belied yn 2024 te realisearjen.

Utjeften

totaal
€ 527,4
miljoen

Wêr wol de provinsje yn 2024 yn investearje:

Ynfrastruktuer

€ 133,4 miljoen



- Wurkje oan de doelstelling dat alle Friezen har yn 2050 feilich, flot en fossylfrij ferpleatse kinne.
- Provinsjale diken, brêgen en farwegen ferbetterje en op oarder hâlde.
- Foar heechwaardich bus- en treinferfier yn Fryslân soargje.
- Ymplementaasje nije buskonesje tariede en der ein 2024 mei útein sette.

Natuer & Lânbou

€ 113,4 miljoen



- Us ambysje is in fitaal, fearkrêftich, moai en sûn Fryslân.
- Wy wolle ús lânbousektor foarút helpe, wurkje oan in robúste natuer en soargje foar in goed bioferskaat.
- Wy wurkje fierder oan it Frysk Programma Lanlik Gebiet.

Romte & Klimaat

€ 44,3 miljoen



- Mei ús partners de ôfspraken út de regionale wendeals fierder útwurkje en de gearwurking fuortsterkje.
- De provinsjale omjouwingsfisy yn gearsprak mei ús partners aktualisearje.
- Mear faasje yn de útfiering fan it Feangreideprogramma.
- Subsydzjeregelingen foar enerzjy ienfâldiger meitsje en mei gemeenten oan ien provinsjaal loket wurkje.

Ekonomy & Mienskip

€ 75,7 miljoen



- Fierder ynsette op fiif sektoaren: agraryske produkten, wetter-technology, materialen dy't op 'e nij brûkt wurde kinne, heechwaardige systemen en materialen, en maritime technology.
- Us rekreaasje- en gastfrijheidssektor is der foar alle ynkommensgroepen.
- It lepen Mienskipsfûns fuortsette en in regeling foar 'Lytse Mienskipsinisjativen' iepenje.
- Nij Poadium ôfslute en op de nije perioade fan ús kultuerbelied tariede.

Bestjoer

€ 21,6 miljoen

- It stypjen fan Provinsjale Steaten, Deputearre Steaten en de kommissaris fan de Kening.
- De kwaliteit fan it bestjoer yn Fryslân en de bestjoerlike gearwurking fuortsterkje.

Bedriuwsfiering

€ 92,0 miljoen

- De middels foar de provinsjale organisaasje (personeel, húsfêsting en ICT) om de ambysjes en doelen te realisearjen.
- Optimalisearring fan tsjinstferliening en bedriuwsfiering troch programma digitalisearring.
- De organisaasje is liniger en wurket mei ús partners oan de opjeften gear.

Oare útjeften

€ 46,7 miljoen

- Tafoegings oan provinsjale reserves foar lettere útjeften.*
- Algemiene dekkingsmiddels.

Ynkomsten

totaal
€ 527,4
miljoen

Provinsjefûns

€ 243,3 miljoen

- Middels dy't de provinsje fan it Ryk kriget foar it útfieren fan (wetlike) taken.

Opsinten - motorreaubelesting

€ 74,6 miljoen

- Dizze belesting heft de provinsje foar de útfiering fan (wetlike) taken.

Oare boarnen fan ynkomsten

€ 209,5 miljoen

- Dit binne ynkomsten troch rendemint, dividint, subsydzjes, reserves* ynsette en oare baten.

* Reserves

Benammen fanwegen de plande ynvestearrings út it bestjoersakkoart sacket de Frij te besteegjen reserve yn de koälysjeperioade 2023-2027 fan € 177 miljoen nei € 42,4 miljoen. Om foldwaande finansjele buffers te hâlden is der boppe-op dizze ynvestearrings finansjeel gjin romte om noch in part fan de frij te besteegjen reserve yn te setten.